

**Stimmen út in doarpsferline
1854 - 1954**

*Is 't net wearde neef,
wat ús ek ûntsjitte mei,
de jongesjierren se stean
noch foar ús altiten
like klear foar de geast.
(Jan Odinga, side 88).*

**Stimmen út in
doarpsferline
1854 - 1954**

Rients Aise Faber

*Ik woe soms graach in fûgeltsje wêze
en even by jim sjen*
(Tytsje Odinga, 13 desimber 1923).

It wikselet allegear en keart noait werom
(Tytsje Odinga, 29 maaie 1925).

Omslachûntwerp: Rients Aise Faber
ISBN: 9789402183450
© Rients Aise Faber 2020



*1953. Op besite by muoike Jantsje en omke Æde yn Jorwert.
Fiskje yn de Jaanfeart op it hiem achter by harren. Alles wie noch
nij yn 'e wrâld en it like oft alles bliuwe soe sa't it wie.*

Ynhâld

1. Ynlieding	8
2. Fan Weidum en werom nei Weidum.....	13
2.1 Tytsje Odinga har fammejierren	14
2.2 Jouwert Jouwertsma	21
2.3 It houlik, 1881-1889.....	25
2.4 As widdo werom nei Weidum	33
2.5 Soan Jehannes Jouwertsma.....	35
2.6 Dochter Dina Jouwertsma	39
3. Mantgum, Weidum en Bears	41
3.1 Eise Sierds Groeneveld	43
3.2 Brieven fan Anna, Dina en Tytsje.....	53
3.3 Dina en Eise, 1915-1922.....	61
3.4 In kream mei dramatyske gefolgen.....	66
3.5 Bears, jannewaris 1922	71
3.6 Bears 1922 - 1924.....	72
4. Berjochten oan Grins.....	75
4.1 In brief fan Anna, 1922	76
4.2 Twa brieven fan Tytsje, 1922	78
4.3 Fjouwer brieven fan Tytsje, 1923.....	81
4.4 In brief fan 't Alddeel oan Grins, 1924.....	88
4.5 Sân brieven fan Tytsje, 1924.....	91
4.6 In brief fan Tytsje, 1925	108
4.7 In brief fan Tytsje, 1927.....	110
5. De Mantgumer Groenevelds.....	113
5.1 Alde Maaïke wurdt 100 jier, 1928.....	114
6. Rien 1924-1934.....	125
6.1 Timmerbaas yn Rien	126
6.2 Fammejierren en freondinnen.....	132
6.3 Haren 1934.....	146
7. Huzum 1935-1954.....	148
7.1 Sels bouwe oan 'e Tynjedyk	149
7.2 In brief fan Tite, 1944	155
8. Op redens nei Sibrandabuorren, 1954.....	158

9. Fragmint parentelen	160
9.1 Odinga	160
9.2 Jouwersma	161
9.3 Groeneveld	163



Om 1930 hinne, trije freondinnen op 'e merke fan Rien (sjoch side 143). Lofts Tite Groeneveld (1916-1999), midden Sybrichje Jellema (1917-2010) en rjochts Romkje van der Sloot (1917-2013).

1. Ynlieding

Faak binne de feitlike gegevens oer de foarâlden noch wol bekend, mar is de oerlevering fan harren persoanlik wjerfarren ferlern gongen.

Krekt dy wrâld fan harren libjen en stribjen komt yn dit boek oan 'e oarder. Foar de ynformaasje dêroer wiene brieven en fraachpetearen wichtige boarnen.

Alhoewol't de Friezen yn it Frysk tochten, brûkten se faak it Nederlânsk foar it skriuwen fan harren brieven. It staverjen en formulearjen op skrift hiene se yn it Nederlânsk leard, mar se bleaune yn it Frysk tinken.

Troch it oersetten fan de brieven komt it oarspronklike lûd werom fan de stimmen sa't dy eartiids klonken op it Fryske doarp. Gauris wurdt yn dat ferbân sein, de lûding (muzyk) fan de eigen taal is de siel fan in folk. Sa hat eltse taal wat ûngryppers dat net yn in oare taal oerbrocht wurde kin.

De kearn foar it **earste part** fan it boek (haadstik 2-4) binne de brieven dy't oan Jehannes Jouwertsma yn Grins skreaun binne. Dizze brieven dy't tusken 1915 en 1927 skreaun binne, komme benammen fan Tytsje Odinga (1854-1927) út Weidum. In pear oare brieven en brievekaarten binne fan Anna en Dina Jouwertsma, Eise Groeneveld en Jan Odinga.

De brieven binne faak, lykas yn de sprektaal, frij assosjatyf skreaun. De minsken tochten yn it Frysk, mar brûkten dêrby standertformulearrings foar brieven. Se skreaune de brieven boppedat yn in âldfrinzich Nederlânsk. Sa hie ek Tytsje Odinga dat op de legere skoalle leard fan de Grinzer skoalmaster Abel Everts Niehoff.

Yn dit boek is besocht foar dy brieven de oarspronklike Fryske inerlike dialooch, dy't foarôfgie oan 'e skreaune tekst, wer te rekonstruearren yn it Frysk.

It **twadde part** fan it boek (haadstik 5-7) hannelet oer de perioade nei 1927. Earst giet it ferhaal nei Mantgum yn 1928, wêr't Eise Groeneveld syn beppe Maaike Bylsma hûndert jier waard. Dat wie yn dy tiid hiel útsûnderlik en reden foar de krante om in fraachpetear te hâlden mei har. Dat fraachpetear levere nijsgjirrige ynformaasje op, want har libbensferhaal begûn al yn de earste helte fan de 19^{de} iuw.

Dêrnei wurde Tytsje har skoansoan Eise Groeneveld (1888-1972) en syn dochter Tite (1916-1999) folge yn Rien oant 1934. Dy wiene út Bears kommen yn 1924. Foar Tite soene no de jongfamme-jierren, fan har 8^{ste} oant en mei har 18^{de} jier, yn it Rienster doarpsfermidden lizze. Dêrnei kaam de famylje nei in protte ferhuzerij úteinlik yn Huzum telâne. Dat omswalkjen hie in opfallende oarsaak.

Hiel dúdlik docht bliken dat mei eltse nije generaasje in nij famyljenetwurk ûntstiet. Yn eltse generaasje ferdwine nei ferrin fan tiid de âlde sydtûken fan de bruorren en susters. Dêrfoar yn it plak komt it folk fan de nij oantroude famyljes. Dat is de dynamyk dy't yn de kontinuïteit fan in famylje sit.

By Tite Groeneveld, ús mem, libbe in langstme nei it bestean op it Fryske doarp. Se koe har yn in oare omjouwing minder goed oanpasse as bygelyks Rimy Kingma, in freondinne fan har suske Jehanne, dy't lykas Tite en har oarehelte nei Hollân ferhuzen nei de oarloch fan 1940-1945. Der waard wol sein, Hollân wie foar de Friezen sabeare bûtenlân.

Dy freondinne Rimy en har man kamen fan Jorwert yn Rotterdam en ús heit en mem fan Huzum yn Leien (Leiden). Yn Hollân korrespondearren de froulju. Yn in felisitaasjebrief mei de berte fan Tite har soan skreau Rimy ûnder oaren:

“It sil by jim wol lyk gean as by ús, meast brieven en gjin famylje op besite. Dêr sitte we te fier foar fuort Tite. Om earlik te wêzen, ik hâld it ek noch mei in doarp hear. Folle geselliger as in stêd.

Mar men hat it net altiten foar it kiezen. Wy hiene no yn in selde stêd sitte moatten, dan hiene we noch wat oan elkoar hawwe kinnen.”

Tite har bêste freondinne, Romkje út Rien, soe altiten op it Fryske plattelân fan Britswert wenjen bliuwe. Letter, doe't Tite en har man út Leien wer yn Huzum wennen, mocht sy altiten graach nei Rom ta gean, lykas nei Tite har oare famyljeleden yn de Fryske doarpen.

Al as jonkje siet ik soms yn in âld foto-album portretten te bestudearjen. It album hie hurdkartonnen siden en in moai kleurd omslach. Fan guon lju dêryn wisten ús mem en sels ús pake de nammen net mear.

Earnstich seagen de minsken nei de kamera, op harren moaist klaaid en it hier kreas fersoarge. Soms mei in entoeraazje fan âlde meubelstikken. “Op it portret komme” wie net sa mar wat. Fan de fotootsjes waarden faak mear besteld, want dan koene famyljeleden en goekunde dy krije foar harren foto-album. Sa bestie der in drokke útwikseling fan portretsjes.

It album fan de ferdwûne wrâld dat ik beseach, hie fan ús jong ferstoarne beppe fan memmes kant west: Dina Jouwertsma (1885-1922), dochter fan de hjir boppeneamde Tytsje Odinga en Jouwert Jouwertsma.

De belangstelling foar de âlde portretsjes groeide letter út ta niget oan de genealogy fan de famylje. Wa wiene de foarâlden? De eigen kennis gong net fierder as in pear generaasjes en fan de pakes en beppes libbe doe noch mar ien, de heit fan ús mem, Eise Groeneveld (1888-1972).

Wat men tsjintwurdich fia de website *AlleFriezen* yn in oerke fine kin, dêr hie men doe oan argyfûndersyk in protte tiid foar nedich. Fan dy website *AlleFriezen* haw ik no foar in soad oanfoljende ynformaasje tankber gebrûk makke, lykas as oare ynternetboarnen, sa as Delpher (kranten en tydskriften) en Google books.

It materiaal dat oerlevere is yn de famylje haw ik beneamd as *Famylje-argyf Eise Groeneveld*.

Yn de tiid fan it argyfûndersyk, 1972, haw ik in fraachpetear mei ús pake Eise, dy't mei ús heit en mem yn Huzum wenne, op de lûdsbân fêstlein. Dêr bin ik no wiis mei, want de saken dy't ik doe frege, binne ferfoarme yn myn ûnthâld of sels yn it ferjitboek rekke. Dochs wie it net langer allinnich de genealogy dy't mij nijsgjirrich makke, mar dat wie it libbensferhaal dat yn de dokuminten oer harren bewarre bleaun wie.

Ik kom ta de konklúzje dat ik troch myn feroare útgongspunt noch hiel wat mear oan de âld man freegje wollen hie. No't dat net mear kin, jouwe de brieven fan oerbeppe Tytsje en oare famyljeleden, it fraachpetear mei âlde beppe Maaike yn de Ljouwerter krante en de fraachpetearen mei de freondinnen fan ús mem, hiel wat ynformaasje om in ympresje te krijen fan hoe't harren libben eartiids west hat.

Doe't wy yn 1971 by in nicht fan ús mem, Tite Jouwertsma, yn Den Haach útfanhûs wiene, helle dy in pear âlde skriften foar it ljocht fan har en ús memmes pake, *Jouwert Jouwertsma*. Se wurdearre myn niget oan 'e famyljeskiednis.

It die bliken dat Jouwert Jouwertsma yn it Frysk oan it dichtsjen west hie en ferhalen skreaun hie. Sels wie ik yn dy tiid krekt dwaande mei in stúdzje foar in Fryske ûnderwiisakte. Dat makke dat ik mei grutte wurdearring nei dy foarâlder seach mei al syn niget oan Fryske literatuer.

Dy niget oan literatuer bestie trouwens by dy muoike yn Den Haach allyksa. Sy sammele û.o. alle boekbesprekken fan Jan Greshoff út de Haachske krante *Het Vaderland*. Doe't ik in pear jier dêrnei mei de akte m.û.-Nederlânsk dwaande wie, krige ik dy besprekken fan har.

Letter joech se my ek de brieven dy't Tytsje Odinga út Weidum skreaun hie oan de húshâlding fan har soan Jehannes yn Grins.

Dêrby wiene ek inkelde brieven fan har dochters Anna en Dina Jouwertsma en har skoansoan Eise Groeneveld.

Yn dy tiid haw ik se mei belangstelling lêzen en kopyen foar de suster fan ús mem, Jehanne, makke. No't ik de brieven opnij lêse en folle yngeander besjoch, falt it my op dat brieven yn de rin fan de tiid fan betsjutting feroarje. It fanselssprekkende fan saken foar de lêzer, wêrtroch't de measte brieven al gau by it âld papier reitsje of nei in ferstjerren opromme wurde, hawwe dizze brieven oerlibbe: se binne no in boarne wurden oer it libben mei bysûnderheden út in feroare wrâld. Mar teffens binne se de stille tsjûgen fan al it leed dat Tytsje en har famylje net sparre hie. Foar my waard it stadichoan dúdliker wêr't miskien dy langstme fan ús mem nei it doarpplibben weikaam: it wie it ferlet, sterker noch de eangst, om wat men hie en wat fertroud wie, net te ferliezen.

2. Fan Weidum en werom nei Weidum



It meast loftse hûs oan it Skildykje yn Weidum wie fan Tytsje Odinga. De lytse persoan achter it stek is Tytsje dy't efkes yn it waar sjocht.

2.1 Tytsje Odinga har fammejierren

Foar in minske op dizze wrâld binne de mominten fan it deistich bestean de grins tusken ferline en takomst. As de minske op 'e wrâld komt, is er oerlevere oan de besteande wrâld fan dy tiid. Dy omstannichheden yn syn bernejierren sille him foarmje.

Wat wiene de omstannichheden foar de Weidumer doarpsfrou Tytsje Odinga (1854-1927)? Sy libbe yn in tiid dy't amper mear te ferlykjen is mei dy fan 2020.

Yn de 19^{de} ieu wie it bestean fan Tytsje oersichtliker, mar wol minder wis. De stjerte fan jonge bern wie heech, it nije libben hie faak in wif begjin. Mar ek foar folwoeksenen wie it sa dat sykte earder slachtoffers easke as yn ús tiid. In hechte bân yn 'e famylje wie fan grut belang om dy tiden mei tsjinslaggen oerlibje te kinnen.

Tytsje wie it earste bern yn 'e húshâlding fan Jan Doekes Odinga en Dina Simens Hanewald. It pear hie op 13 maaie 1854 de lapen gearsmiten. Yn datselde jier wie al op 4 desimber de berte fan Tytsje.

Heit Jan Doekes wie in boeresoan út Goutum en hy hie him deljûn yn Weidum, it doarp fan syn frou Dina. Sa waard er in ymport Weidumer.

De famyljenamme fan Dina hat in lûding dy't der gjin twivel oer bestean lit dat har manlike foarâlden net fan Fryske komôf wiene. Pake Johannes Herman Hanewald kaam fan Pohl Niedertiefenbach (Hessen), in doarpke súdeast fan Koblenz. Nei wat omdoarmjen yn de Nederlannen, wie er yn 1788 troud yn Ljouwert mei de Fryske faam Dina Jans Slot fan Bitgum. Fuort nei 1800 wie it stel nei Weidum kommen, want dêr skreau de Lutherske Johannes him op 13 novimber 1801 yn as lidmaat fan de tsjerke. De famylje waard dêr stadichoan opnommen yn it Weidumer fermidden.



Jan Doekes Odinga (1830-1887) en Dina Simens Hanewald (1831-1916).

Yn 1815 stie de pake as wever yn 'e boeken. It wiene dus lapkepoepen neffens de oantsjutting yn dy tiden. In ryk neiteam fan de Hanewalds soe yn de Weidumer kritten syn oarsprong fine.

By de berte fan Jan Doekes en Dina harren bern soenen de Hanewalds gauris as tsjûgen ferskine by de oanjefte fan dat neiteam op it gemeentehûs: heit Simen en de omkes Jan en Filippus.

Jan Doekes Odinga wie in boeresoan út Goutum. Yn Weidum begûn er as arbeider nei't er yn maaie 1854 troud wie mei Dina Hanewald. Mar al gau bejoech er him yn 'e hannel en yn 1862 en 1870 waard er neamd as keapman en yn 1877 as taksateur. Tytsje soe noch fjouwer susters krije en ien broer: Jeltsje (1856-1892), Doeke (1862-1922), Elisabeth (1863-1925), Simentsje (1866-1872) en Dina (1870-1889).¹

¹ Foar in better oersjoch fan de famylje, sjoch efteryn it boek by de fragmintparentelen fan de famyljes Odinga, Jouwersma en Groeneveld.

Yn Weidum soe Tytsje al betiid befreone reitsje mei in famke dat in moanne earder berne wie, Betsje (Elisabeth Aukes Sierdsma). Op de legere skoalle sieten se by elkoar yn itselde learjier by master Abel Everts Niehoff.² Doe't de froulju jierren letter allinnich yn it libben stiene, soene se noch in soad by elkoar wêze, sa die bliken út de brieven dy't Tytsje skreau. Nei de legere skoaljierren kamen de famkes neffens de wenst fan dy tiid yn de húshâlding en it boerewurk te lâne. De molke waard noch troch de boerinne mei har fammen op de pleats ferwurke ta bûter en tsiis. Pas nei 1879 soene de suvelfabriken yn Fryslân komme. Tytsje kaam nei 1866 as jong famke fan skoalle om oan it wurk te gean. Yn dy tiid wie har mem swier fan Simentsje. Sa soe it kinne dat se earst thús har mem holpen hat en letter as lytsfaam by in boer yn Weidum oanhâld krige. Doe't se 17 jier wie, kaam se op 12 maaie as faam by de fee-hâlder Jan Ymes Bosma yn Mantgum.³ Se soe dêr sân jier bliuwe en kearde yn 1879 werom nei Weidum. Dêr soe se ynskreaun bliuwe oant 12 maaie 1881, de dei fan har houlik.

Yn de santiger jierren moat se yn 'e kunde kommen wêze mei de man dy't se yn maaie 1881 folge nei de smidte op Snakkerbuorren by Lekkum. Sûnder dat it pear der weet fan hie, waard de tiid ekonomysk minder, de goeie jierren wiene foarby. Yn Tytsje har fammejierren hie it in opgeande tiid west, de boeren fertsjinnen bêst en it doarpslibben hie fleur en ferdivedaasje. Der kamen toanielfoarstellingen en der wiene wedstriden en oare feestlikheden. Har takomstige man, Jouwert

² Op 12 maaie 1822 waard Abel Everts Niehoff beneamd yn Weidum as ûnderwizer yn de 3e rang. Hy kaam fan Noordbroek en wie dêr ûndermaster. Yn Weidum wie er teffens koster, organist en klokkenist. It salaris bedroech f 260 út de gritenij-kas, in frije wenning en de skoallepinningen fan sa'n 70 learlingen. Oant yn 1872, 50 jier, wie er yn Weidum yn funksje (H. Sannes, *Schoolmeesters in Friesland*, Fryske Akademy, digitaal).

³ Befolkingsregister Baarderadiel.

Jouwertsma, wie aktyf yn it doarpstoaniel fan Raard. It is net ûnmooglik dat se elkoar kennen leard ha op sa'n feestjûn. Jowert wie smidsfeint en kaam oarspronklik fan Skearnegoutum. Mei harren trouwen, kaam hy fan Raard nei Snakkerbuorren.

Jowert wie trije jier jonger as Tytsje, mar hy hie grif yndruk makke op de jonge frou mei syn betûfte hân fan skriuwen en dichtsjen. Sa hold er in foardracht foar de doarpskomeedzje op de Raarder merke op 24 augustus 1880.

Yn Raard wie it toanielleafhawwerij goed ta libben kommen. De foarstellingen waarden yn de krante oankundige en sille grif it jongfolk út de omkriten oanlutsen ha. Yn dy tiid wiene de mooglikheden foar ferdivedaasje beheind.

Jowert wie in man dy't him iverich stoarte yn it sosjale libben fan it doarp Raard. De Frysktalige toanielstikken krigen dêr stadichoan in natuerliker plak op it repertoire. De ûndernimmende aard fan Jowert die ek bliken as berider fan in "vélocipède", in fyts mei in heech foartsjil.

"TE KOOP, eene welingerichte VÉLOCIPÈDE, zoo goed als nieuw. Eerste rad groot 1.8 meter; 't ijzerwerk effen en glad. Te bevragen bij den smidsknecht J. JOUWERSMA. Adres: den heer D. VAN DER HOEK, mr. Smid te *Rauwerd*."

Hiel oars as yn Weidum, hie Jowert yn Skearnegoutum meimakke hoe't it doarp ferdiel waard tusken de frijsinnichheid en de oanboazjende ortodoksy. De lêsten woene harren eigen kristlike skoallen en ferienigingen ha (It Fryske réveil). Wat dat oanbelanget wie it libben fan de doarpsbewenners yn Weidum folle evenrediger mei ien herfoarme tsjerke en iepenbier ûnderwiis. Yn Skearnegoutum hie Jowert de kant fan de frijsinnigens keazen en hy bespote de nije frommens yn tal fan syn fersen.